

Myn namme is Marije van der Staal.

Ik stean hjirre as minske, as ynwenner fan dizze gemeente, mar ek as riedslid fan in partij dy't foar de opfang fan minsken yn need is. In partij dy't fynt dat wy der foar inoar wêze moatte en dat wy rjocht dwaan moatte oan elk minske.

It liket dus logysk dat ik hjirre stean. Mar ik ha twivele om hjirre te stean. Net út eangst, net omdat ik twivelje oan solidariteit. En ek net omdat ik my net útsprekke wol. Mar omdat ik tink dat it yn dizze tiid foar in riedslid wichtiger is om te lústerjen dan om om te sprekken. Te lústerjen nei jimme, mar ek nei de minsken mei soargen en need.

Mar dochs stean ik hjirre, omdat ik leau dat in sterke mienskip him sjen lit yn hoe't wy mei inoar om geane. Net allinnich at alles goed en maklik giet, mar krekt op mominten dat minsken ús help, ús omtinken en ús begryp ha moatte.

Ik moast tinke oan de wurden fan Judith Herzberg:

*Er is nog zomer en genoeg
Wat zou het loodzwaar
Tillen zijn wat een gezwoeg
Als iedereen niet iedereen
Terwille was als iedereen
Niet iedereen
Op handen droeg*

Foar my geane dy wurde oer wat in mienskip sterk makket, ree wêze om inoar te dragen at it swier wurdt. En just dêryn moatte wy inoar net kwytsje.

Solidariteit giet foar my om de minsken dy't fan fier komme, om de minsken hjirre en om de minsken dy't harren net sa maklik steande hâlde kinne yn in wrâld dy't hieltyd mear fan harren en ús allegearre freget.

Oer minsken dy't fertrouwen ferlieze yn de oerheid, yn ynstitúsjes en soms sels yn inoar...

Wy moatte der foar mekoar wêze, wy moatte inoar drage. Foar elk dy't him thús fiele wol, oftst hjir no al wennest of noch komst te wenjen.

It is makliker sein as dien. Mar litte wy inoar fêst hâlde yn de oertsjûging dat wy pas echt thús binne yn in mienskip dêr't minsken nei inoar om sjogge.

Er is nog zomer en genoeg.